



FAN IT BESTJOER

It bestjoer hat op 30 maaie 2011 byinoar west by Yede van der Veen oan hûs om de nije wurklist wer gear te stallen. Dizze krije Jo hjirby en wy hoopje dat der foar elk wer wat by is. Der binne in oantal saken besprutsen en de jûnen binne nochris trochnommen.

Dêrnjonken hat Jan Sjoerdsma, om foar him wichtige reden, besletten net langer as ponghâlder troch te gean. It spyt ús tige, mar wy moatte it respektarje. Lokkich hawwe wy in opfolger fûn yn de persoan fan Bart van der Wyk (fan Sjouke-Bauk). Fierders soene wy (noch altyd) graach de beskikking krije oer de email-adressen (foar safier fansels oanwêzich) fan de leden sadat de wurklist tenei (foar in grut part) digitaal oerstjoerd wurde kin. Dus graach in berjochtsje. It emailadres is stiftinggrou@live.nl Fansels krije de minsken dy't gjin emailadres hawwe de wurklist thús besoarge.

De gearstalling fan it bestjoer is no dus sa: Yede vd. Veen is foarsitter, Gé van der Goot-Bangma skriuwer, Bart van der Wyk ponghâlder en Anna Hemstra-de Jong, Bauke Lageveen en Frans Bakker meitsje it bestjoer folslein.

WURKLIST FOAR IT WINTERSKOFT 2011 – 2012

It plak: De grutte seal fan Hotel Oostergoo, alle jûnen begjinne om healwei achten.
Ynformaasje : Pr. Beatrixwei 8, 9001 JM Grou, tillefoan 0566-621992

Tongersdei 10 novimber 2011:

Sybren van der Vlugt swalket as jongkeardel wat troch Grou en Bauke Lageveen toant de plaatsjes by syn ferhaal. Hjir en dêr sjogge se minsken dy't se yn de twa eardere jûnen noch net tsjinkamen. Sa'n lêzing is eins net in namme foar te betinken of it soe al sa wat wêze moatte as: "Teltsjes en plaatsjes út harren laadsjes".

Tongersdei 15 desimber 2011:

Ein 2012 komt in boek út fan rom 200 bledsiden oer it ûnderwiis yn Grou. It boek wurdt ferdield yn fjouwer parten en dêr sille **Jan Oudeboon en Eddy van der Noord** jûn oer te set. De ûnderwerpen dy't yn it boek ûnder oaren oan 'e oarder komme binne: de tsjerkeskoalle, besmetlike sykten, de saneamde 'klompenverstreking', fraachpetearen mei skoalmasters fan doe en no. En fansels in soad skoalle- en klassefoto's. Dus ferhalen, soms 'serieus' en dan wer mei in knypeagje.

Tongersdei 19 jannewaris 2012:

Dizze jûn sil gean oer it libben en wurk fan Ybe van Zandbergen, bij de measte Grousters better bekend as professor Bergini. Gûchelder, Yllúzjonist, Búksprekker en Poppekastspiler. Ferteld en spile troch syn pakesizzer Anja Steegstra. De foarstelling (de titel is noch net bekend) sil in ferhaal wurde mei in protte anekdotes oer optredens, oer syn wei nei sukses en syn greate leafde foar syn keunst. Mar ek oer de persoan, de man efter de skermen, dy't hiel oars wie as wannear't er op it toaniel stie.

Tongersdei 8 maart 2012:

Anna Vollema sil dizze lêste jûn fersoargje. Se sil it, rom sein, hawwe oer 'in famylje-praatsje'. Oan 'e oarder sille fêst komme: It Heechhiem, de silery, de bakkers Boonstra. Der is genôch te fertellen, sa sei Anna. Mei Jo binne wy tige benijd.

FERSLACH OER IT WINTERSKOFT 2010 – 2011

Dit ferslach begjint mei de nammen fan twa stipers dy't ús yn de oanrin nei de earste stiftingsjûn ûntfallen binne: Jan Willem Veensma, partner fan ús stiper **Betty Bouma** op 28 maaie, **Justine Christine Kingma Boltjes-van Gulik** (hast 84 jier) op 9 oktober 2010 en krekt op de dei fan ús earste jûn **Martha (Mattie) Bruinsma** yn âldens fan 89 jier. Mattie hat jierrenlang (fan 1 febrewaris 1971 oant 14 septimber 1994) bestjoerslid west fan de stifting. Earst as behearster fan de kolleksje en letter as skriuwster. Foar alle wurk dat sy fersetten hat, hawwe wy in soad oan har te tankjen.

4 novimber 2010.

De earste jûn fan it nije winterskoft wurdt fersoarge troch **Jetze van der Goot**. 2 Jier ferlyn wie hy mei syn praatsje oer de Wettersport al yn de oeroeren belâne en om't der alris frege wie troch stipers om it ferhaal ôf te meitsjen, hat Jetze de spits ôfbiten, tegearre mei Bauke Lageveen, dy't foar de bylden soarge.

Jetze begjint mei de strjitte dêr't er berne en opgroeid is. De 2^{de} Easterfjildstrjitte 12. Hiele ferhalen oer minsken dy't der wennen en wenne hawwe en oer fiten dy't er mei syn maten úthelle hat. Yn de legere skoalletiid wie hy faken by de boer. Tsjibbe Stelwagen wie earst syn maat en letter waard dat Aldert de Boer fan Heachhiem. Jetze wenne der hast. Nei skoaltiid gong hy faken mei Aldert nei muoike Anne (frou Bylsma) en dêr kaam dan Aldert syn heit om de jonges mei te nimmen, mar meastal gongen de beide jonges rinnende nei Heachhiem. Boartsje mei bonkekij, mei wetter en neam mar op. Ek de spinnekopmûne dy't it wetter fuortmealle moast waard troch de beide jonges wol betsjinne. Letter gongen se beide in oare kant út, Aldert nei de Lânbouskoalle en Jetze nei de ULO en doe wie it dien mei de boarterij. It hawwe prachtige jierren west.

De pake fan Aldert hie in houten skou en dy mocht Jetze wolris brûke. In kowedek as seil en sa de Ie op. Swimfest wie der net en swimme koed er ek noch net. Letter waard hy maat mei Hinne de Jong, Wiebe van der Pal en Tseard Andringa. De jonges hawwe in protte meielkoar syld en dan moast der fansels altiten as jonges ûnderinoar hurdsyld wurde. Jetze fertelt fierder oer Lyts Frisia (1900 oprjochte), letter Jong Frisia dat gewoan opholden is te bestean. Yn 1973 nei de fúzje mei Lyts Frisia en Frisia, krige it skipkesilen in plak by Frisia.

Lyts Begjin in jongessylferiening is oprjochte yn 1945. Te grut foar it skipkesilen en noch te lyts foar de grutte ferienings. Yn 1928 wie der al in jongessylferiening, "Lyts Oostergoo en sylden mei sutelskouwen. Oer famkessilen waard net praat. Yn 1935 waard GWS oprjochte en yn 1936 is Lyts Oostergoo in fúzje oangien mei de Grouster Wettersport. Nei de oarloch is Lyts Bigjin oprjochte. 5 Sinten kontribúsje yn 'e wike.

Foto's en ferhalen oer silen, nije starttoer, skipper yn syn jongesjierren by Klaas Zetzema, sile yn de 30-kwadraat fan Roel Boltsje om de dochter Ida it silen te learen, syn eigen 16m2 3082, klupflaggen op it Grut Eilân, Keninklike Sylferienings, it oanbieden fan de boeier Friso oan de provinsje en fansels de GWS-skou en heit syn skou nûmer 6.

Wettersportferienings Sylnocht, de Meeuwen, GWS, Frisia en Oostergoo waarden fansels ek beljochte en oer ferteld.

In bekend en berucht punt by de silerij is de eardere wetterlieding. Jetze makket efkes in útstapke hjirhinne en fertelt oer 1899 oant 1925 doe't it pompstasjon sluten is. Alle wenromten binnen no yn eigendom en gebrûk by de famylje Halbertsma.

Hiel wat boaten binne passearre. Skou, Pluis, Flits, 30m2, 16m2, OK-jol, 12 Voets-jol, Yngling, Spanker, Skakel en noch folle mear.

Ta einbeslút syn perioade by it Skûtsjesilen. Al mei al in jûn mei in protte ynformaasje mei prachtige bylden derby. Yede betanket Jetze en de taharkers diene mei.

Op 15 desimber 2010 ferstjert yn Ljouwert ús stiper **Jacob Jan (Jaep) Sjoerdsma** (73 jier).

16 desimber 2010.

In fuotsetting op syn rûtsje lâns de Grouster middenstanners hiene dizze kear de timmerlju, fervers en smidden de klandyzje fan **Sybren van der Vlugt**. Mei printsjes, bylkoar socht troch Bauke Lageveen, krigen wy in byld fan dy âlde faklju dy't yn Grou en omkriten bou-, skilder- en oar ûnderhâldswurk diene. Njonken dit mear gewoane wurk, wiene it mûne meitsjen en hynstebeslaan bygelyks wol aparte wurksomens. De measte ambachtslju hiene oan hûs in wurkpleats/winkel, dêr't in part fan it wurk him ôfspile. Mar faken hie men in put(sje) yn de buorren of by de boeren en kaam der ek ferfier by te sjen. It hout, de ferve en it izerwurk moast op 'e fyts, hânkarre of yn de skou meinommen wurde. De reis duorre bytiden langer as de tiid fan in nij rûtsje ynsette of in nij slot op 'e doar skroeve, sûnder mis as men oer it wetter moast. Gong it by dy lêste om in heikerwei, dan moast der in pream fol mei ark en reau oerfearn wurde. Oeren spilen doe in minder grutte rol as tsjintwurdich. As it by eintsjebeslút op ôfreakkenjen oankaam, dan barde dat faken oan it ein fan it jier. Men moast dus in hiel jier tarre op de fertsjinsten fan dêrfoar en as men dan net sa folle oanslach hân hiene, sille grif de sinten wolris krap west hawwe. De ferhalen en bylden út dy tiid jouwe gâns in ferskil oan mei de omstannichheden hjoed de dei, dêr't tiid jild is en alles leafst juster klear yn stee fan moarn.

Sybren wurdt betanke troch de harkers en Yede docht der noch in skepke boppeop en hopet dat der miskien foar it oare winterskoft noch wol wat yn't fet sit.

20 jannewaris 2011

De earste jûn fan 2011 wurdt iepene troch ús foarsitter Yede van der Veen. Hy hjit elkenien wolkom en al is it in bytsje let, 345 dagen noch lok en seine tawinske. As oandachtspunten fertelt er noch efkes wêr't de needútgongen binne, yn gefal fan.....en dat net stipers € 1,50 betelje. Dan is it wurd oan **Sietse Heidsma**, dy't fertelle sil oer en yn it bûterfabryk. Bauke fersoarget de bylden. It fabryk is bout yn 1896 en de earste direkteur wie Tsjisse Kuperus, dy't ek direkteur wie yn Reduzum. Yn dy tiid wiene der in protte suvelfabriken. Grou kaam wat letter om't de lizzing yn it wetterlân lei. Boarn hie in partikuliere fabryk. Bylden brochten ús op 'e hichte fan hoe't it eartiids allegearre yn syn wurk gong. Bussen fan 40 mingel waarden yn Winsum makke, letter waarden it 30 mingelse bussen. De opfolger fan Kuperus waard Terpstra. Bûterdirekteur oant 1948 ta. Yn 1920 waard der in nije fabryk boud. Gebou en ynrjochting. De ynrjochting koste doe 30.000 gûne en architekt wie Gros. Tasicht elektrisiteit wie yn hannen fan Marten Zijlstra. Yn 1921 bestie it fabryk 25 jier en doe is der feest holden. Krips en Molenaar kosten 70 gûne en muzyk 30 gûne. It wie yn Oostergoo by Dokter. Oebele Ypinga û.o. krige om't er 25 jier yn tsjinst wie 50 gûne.

Bylden fan molkskouwen út 1925 en wurknimmers krigen we ek te sjen. It winterskoft wie altiten in min skoft. As der iis lei en it noch net fertroud wie, dan joech dat hiel wat kopsoargen en noeden. Wie it sterk genôch, dan kamen de sliden foar't ljocht.

De filla oan de Stasjonsdyk is doedestiids kocht foar 18.000 gûne. Direktuer Terpstra en yn 1948 direkteur Leenstra hawwe der yn wenne. De sintrale ferwarming krige stoom fan it fabryk. Der binne ferskate bylden fertoand oer opslach bûterfetten, oarlochstiid. Yn't lêst fan 1944 waard yn it fabryk yn de tsiisbakken, dy't in dûbele wand hiene, iten makke foar de Gaarkeuken. Bylden maaiestaking fan 1943, Sietse van der Heide as molksuteler. Hy wie yn tsjinst fan it fabryk en hie dêrfan ek in karre, bestjoer nei de oarloch en in gedicht fan Durk Lolkes Bouma. Op 2 septimber 1969 wie de ein fan it fabryk yn Grou.

Sietse wurdt betanke troch de foarsitter en de oanwêzigen.

Op 26 jannewaris en 23 febrewaris 2011 binne nei elkoar ferstoan **Bregtje Dam-Volger** (krekt net 82 jier) en **Frederik Dam** (alearen hûsdokter hjir yn Grou, yn âldens fan hast 88 jier).

10 maart 2011.

Foarsitter Yede van der Veen iepenet de lêste jûn fan dit winterskoft. Hjir elkenien fan herte wolkom en yn it bysûnder **Ulke Brolsma** en syn omkesizzer **Anke Bylsma**. Dizze twa minsken sille de jûn foar ús fersoargje.

Anke hat in hiel eigen libben. Sy is 3 à 4 kear yn 'e wike op 'n paad mei theatergroep Credo, presentearret koaren en orkesten. Hat mei har man Gerrit Breteler in eigen bedriuw en hawwe 2 bern.

Ulke is krekt werom fan 5 moannen India. Anke ûnderfreget Ulke oer syn libben en skriuwen en hy antwurdet op syn eigen wize hjirop. Omt it ABP it foar him mooglik makket, kin hy sokke reizen ûndernimme. India is in moai lân, mar in hurde en wrede wrâld dêre. Hy hie fan doel west in roman fan syn libben te skriuwen, mar it is der net fan kommen. No hjir yn Nederlân wol hy wer wat út de pinne helje.

2 Boeken hat er al skreaun oer Grou en Fryslân. Eartiids woe heit him de Fryske skriuwtaal net leare. Dêr moast er sels mar foar soargje. Hy hie nea tocht dat er skriuwe soe en dat er de Rely Jorritsma priis winne soe. Anke freget him hjiroer en oer it ferbliuw yn it arkje fan Rink van der Velde.

De húshâlding Brolsma komt ek oan bar. De rûzjes mei syn broer Nanne en suster Janke woe dat allegearre net. Ulke lêst in stikje foar oer it ferfarren fan de Stasjonsdyk nei de Haadstrjitte en fertelt dat hy gjin sportman wie en is. Mem koe eartiids hiel goed swimme en hat in protte medailles. SSS wie in ramp foar him. Foar it skoft lêst er noch wat foar oer SSS en oer syn pake Nanne, Frico's eigen kontroleur.

Nei it skoft fertelt Ulke noch oan 'e hân fan de stelde fragen troch Anke, oer harren "Blauwe" húshâlding, syn jeugd, syn heit en mem, de Bierhalle en de famylje van der Bosch, syn kweek-skoalletiid, ûnderwizer, skoalle foar de sjoernalistyk yn Utert, foartrajekt sjoernalist, films yn Grou by van Stralen en doe't er 20 jier wie út Grou gongen is.

In hiele moaie ôfsluting fan dit winterskoft. Sa'n 150 oanwêzigen hawwe dat ek blike litten. Yede betanket de beide minsken en winsket elkenien in goede simmer ta. Hy freget noch oft der ek immen ree is om in jûn te fersoargjen foar it winterskoft 2011-2012. Sa stadichoan wurdt it in toer om wat te finen. It bestjoer hâldt de eagen en earen iepen.

En as dan sa'n winterskoft wer op syn ein is en wy wurkje oan de nije wurklist is it nijs meast net it moaiste. Sa ek de lêste berjochten: Wy moasten ôfskie nimme fan ús stipers:

Jan Reinder Kuperus ferstoarn op 17 maart (82 jier âld), **Frits de Jong** op 30 maart (mar 73 jier), âld-stiper **Gjalt Cnossen** op 17 juny (86 jier). **Eeke de Vries-van Kalsbeek** 30 juny op 93 jier âld, **Sietze Krist** stoar 87 jier âld op 18 augustus.

IT ARGYF

Wy trune ús stipers oan om foto's, aansichten, printen, wurklisten, brieven, notuleboeken en fersen, lieten, boeken dy't te meitsjen hawwe mei of makke binne troch Grousters oan ús argyf ôf te stean of yn brûklien te jaan: serieuze brûkers sille jimme tankber wêze.

As Jo Stifting Grou jildlik stypje wolle binne dêrta (belestingfreonlike) mooglikheden. Bygelyks it notariskantoor yn Grou kin Jo hjiroer neiere ynformaasje jaan.
